

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes Underwerp: Taalplan Frysk op skoalle
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Provinsje Fryslân hat it foech krigen om (partiële) ûntheffingen te jaan oan skoallen yn it ramt fan de Wet op it Primêr ûnderwiis. Der jilde foar it Frysk ek keardoelen. It Frysk as fak is wetlik regele.</p> <p>Tagelyk fiert de Provinsje in belied dat der op rjochte is om de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis te fersterkjen en de konkrete resultaten fan de learlingen like goed te folgjen as by oare fakken dêr't it wetlike taak foar bestiet. En om úteinlik ek positive en oantoanbere leareffekten te sjen. Dêrta binne yn de ôfrûne jierren mei stipe fan de Provinsje helpmiddels ûntwikkele: (digitale) lesmetoaden, learlingfolchsysteme en sertifisearre toetsing. Dy wiene ek nedich om ta nije, bettere, ôfspraken te kommen mei de Underwiisynspeksje oer in effektive kontrôle.</p> <p>Konkrete ynformaasje oer dit saneamde Taalplan Frysk foar de skoallen is te finen op http://opdestream.nl/taalplan-frys/</p> <p>De klam leit yn it taalplan op it ûntheffingsbelied en it groeimodel.</p> <p>Yn de byldfoarming by de skoallen en by in soad minsken dy't dit ûnderwerp folgje bestiet de yndruk dat it benammen giet om de fraach hoe't je sa gau mooglik in ûntheffing krije kinne. It ferbetterjen fan de kwaliteit krijt yn dy belibbing folle minder de klam.</p> <p>Dit plan liket fierder benammen rjochte op it 'hoe', it proses (om ta ûntheffing te kommen). Lykwols, it tal skoallen en ûntheffingen seit neat oer de fuortgong mei it Frysk en de prestaasjes fan de learlingen. De fraach is no, hoe moatte de steaten kontrolearje at it ûnderwiis yn it Frysk ferbettere wurdt? Dêrfoar soe in helder ramt mei smartdoelen helpe. Dus doelen mei in tiidsaad. Der wurdt jild foar it Frysk útjûn, mar is dit ek effektyf? Wurdt dat jild foar de goede saken brûkt? Sicht op konkrete doelen, tiidsaad en effekten makket kontrôle troch de Steaten mooglik.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wolle jo de Steaten yngeand ynformearje oer de konkrete (smart) doelen, aksjes, tiidsaad en effekten fan dit Taalplan Frysk? Hoe sille jo dit allegear mjitte?2. Wolle jo dêrby ek eksplisyt yngean op de wize wêrop't de Steaten tenei ynformearre wurde oer it tal berikte learlingen, en it konkrete leareffekt dat by de learlingen berikt wurdt (=tasizzing op eardere

	<p>fragen en yn PS)?</p> <ol style="list-style-type: none"> 3. Der binne ûnderwilens mear as 200 sertifisearre meartalige opfang- en pjutteboartersplakken, dy't jonge bern fertroud meitsje mei beide talen. Ek yn de stêden. Krijt dit aspekt genôch syn gerak yn it Taalplan? Op hokker wize wurdt de meartalige situaasje yn de stêden yn it plan konkretisearre? 4. Kinne jo yn it ramt fan doelen, aksjes en effektmjitting ek oanjaan hoefolle kânsen yndividuele bern yn Fryslân krije op in trochgeande meartalige ûntwikkeling? Hoe slute pjutteplakken, basisskoallen en fuortset ûnderwiis op learlingnivo mei it Frysk naadleas op elkoar oan of wat moat der barre om dat te berikken, wannear en mei hokker aksjes? 5. Kinne jo yn it ramt fan it Taalplan ek oanjaan op hokker wize der genôch omtinken jûn wurdt oan bern, dy't fan hûs út Frysktalich binne? 6. De boppeneamde webside fan it Taalplan Frysk jout oan dat ûntheffings en plannen makke wurde sille op grûn fan de taaleftergrûn fan de 'regio' dêr't de bern wei komme. Dêrby wurdt in kaartsje toand fan gemeenten en it memmetaal-behearskingsnivo fan dy gemeente. Yn hoefier wurdt differinsjearre nei it taalbehearskingsnivo fan doarpen/wiken yn sokke gemeenten (omdat dat yn gemeenten mei sawol stêd as plattelân tige ferskillend wêze kin)? 7. Kinne jo ek oan de Steaten rapportearje hoefolle skoallen anst nei dizze operaasje de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk ferbetterje moatte, en hoe't soks dan dien wurdt? 8. Graach wolle wy ek witte hokker ôfspraken der yn dit ramt no mei de ûnderwiisynspeksje makke binne of wurde. Kinne jo ús dêroer ynformearje? 9. Kinne jo oanjaan wat in gaadlik momint is om de Steaten om fan de útfiering fan it Taalplan yn syn hiele hear en fear in (tusken) evaluaasje te stjoeren? Sadat dêr in iepenbier debat oer fierd wurde kin en eventueel bystjoerd wurde kin?
--	--

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening) FNP, Corlienke de Jong
---------------	---

Datum	5 desimber 2016
-------	-----------------

